

TROCH WAER EN WYN



J. BOUWHUIS

TROCH WAER EN WYN

Mei de suvelkoöperaesje yn de Súdwesthoeke

COÖP. ZUIVELINDUSTRIE
„DE GOEDE VERWACHTING” G.A. WARKUM

Coöperatieve Zuivelindustrie

„De Goede Verwachting” g.a.

WARKUM

Oanslutend op it 75-jierrich bistean fan 'De Goede Verwachting' is troch âld-siktaris Bouwhuis in oersjoch gearstald oer ûntstean en groei fan de suvelkoöperaasje yn de súd-westhoeke.

It bistjûr is tankber foar syn wurk.

Wy hoopje, dat it in goede bydrage wêze mei foar de bilangstelling foar ús saek.

Ut namme fan it bistjûr:

J. B. Berger, foarsitter

H. Politiek, siktaris

Novimber 1976

HWAT MOAT DIT BOEKJE?

Forline jier wie it 75 jier lyn, dat „De Goede Verwachting” to Warkum oprjochte waard.

Doe't dit „bûterfabryk” 25 jier bistien hie, is der omraek feest fierd. Ek by it 50 jierrich jubileum is it der gâns omweigien.

Nou is de bitinking hwat rêstiger forroun, mar ek dát foel yn goede ierde. En dochs hie it bistjûr syn sin net rjocht, doe't de ekskursjes en kofje-drinkerijen efter de rêch wiene. Men hie de minsken hwat mei nei hûs ta jaen wollen.

Sa is it kommen, dat hja my op side kamen en letter de opdracht joegen om in oersicht to meitsjen fan de skiednis fan dit molkfabryk, dat ûnderwilens in suvelyndustry wurden is.

Hwat hjir foar jim leit, is mar in priuwke út de rike histoarje fan „de suvelkoöperaasje yn de súd-westhoeke fan Fryslân”. It is gjin drege kost, mar licht to fortarren, lyk as de molke dêr't it oer giet.

Ik hoopje, dat it mei nocht lêzen wurdt en bydrage mei ta ynteresse yn en leafde foar ús koöperaasje.

J. Bouwhuis

**Gelukkig mensch, wien 't is gegeven,
Bij 't vreedzame onnoozele vee,
Dat nooit noch kwaad, noch onrecht dee,
In 't veld zijn dagen af te leven.**

Jan Luyken 1675

Sa't ik hjir sit, sjoch ik rjochts de fabryksskoarstien fan Warkum en lofts de toer fan Tsjom. Stean ik by helder waer op 'e rûchskerne, dan kin ik 24 tuorren telle en men seit dat dat unyk is op 'e wrâld. Sá leit it lân der hjir hinne.

Op de Himdyk rydt in tankauto. It is ien fan de ridende molkûntfangsten fan „De Goede Verwachting”. Hy komt rounom yn it gea dat dizze suvelkoöperaesje bislacht. Fan de Lemmer oant Harnis en fan Frjentsjer oant Starum. Dat hat net altyd sa west en dêrom wolle wy nou even tobek sjen. It giet dan meast om de lêste trije-kwart ieu, mar it let ús ek neat, om noch hwat fierder werom to taesten, omdat wy dan wer even yn 't ûnthâld krije, mei hokfoar folkje wy it hjir to krijen ha.

Wy witte allegear wol, dat Gaesterlanners en Klaeikers net itselde slach minsken binne, al hiene hja dan, sa'n oardel tûzen jier forlyn, yn Aldemardum en Tsjom al hwat meiïnoar hiem. Dat wie dat men dêr bliuwend wenje koe. Gaedlik foar permaninte biwenning, soe men tsjintwurdich sizze. Yn Tsjom en omkriten wiene ommers de earste terpen opsmitten en Gaesterlân hie dy bifeiliging al fan de natuer meikrige.

De rest fan ús gea, dêr't nou ús tankauto's en oare molkauto's en -weinen ride, waerd noch allegeduerigen fan „de wylde sé bisprongen” en

dêr wie gjin bigjinnensein oan, om dêr to bouwen en fé to hâlden. Yn Gaesterlân en Tsjom bigjint dus, foar safier as wy it neigean kinne, de foarskiednis fan „De Goede Verwachting”. Letter kamen der folle mear terpen en mear boeren en mear kij.

Hja molken en makken bûter en tsiis. Dat binne wy letter gewaer wurden, doe't út de terpen stiennen tsiisfetsjes en bûterfoarmen foar 't ljocht kamen. Dy wiene fan ús earste tsiis- en bûtermakkers. Tûzen jier forlyn. Doe't de sêdiken stadichoan hwat mear bifeiliging joegen, kaem de saek hjir hwat ta rêst, mar de Gaesterlanners hâldden hwat fan dat gemoedsume folkje efter de kliffen en „yn 't beamme skaed biskûle” en sy neamden harren yn 1811 wol: v. d. Gaast of Gaastra.

De Klaeikers, dy't harren op terpen en wieren, al mar to skoar set hiene tsjin wyn en wetter, hâldden hwat fan dat ûnforsetlike oer harren. Sy neamden harren sels: Terpstra of Wiersma. En omdat se allegearre meiïnoar úteinlik efter de sêdiken, slieperdiken en slachtediken wennen, kamen oeral Dijkstra's en Van Dijken. Allinne fan dizze lêste twa nammen, fine wy yn 1975 noch 36 yn it lederegister.

Hja wiene net allinne boer. Seagen se mei ien each oer it lân, it oare digere oer sé, en ek dêrre founen se har brea. Dy neamden harsels: Visser, en hjoed de dei hat „De Goede Verwachting” noch 17 leden mei dy namme.

Wy skine dus in hiemfêst folk to wêzen, fan hwa't noch faek it sté en de breawinning him werfynt yn de namme. Gean it jierforslach mar nei: De Boer, Boersma, Agricola, Veltman, Landman, v. d. Velde, v. d. Wei-de en Miedema. En sa soene wy troch gean kinne mei: Gras, de Koe, Roskam, Schaap en Hingst.

Dizze minsken, mei noch hûnderten oare nammen, dat binne se: de leden fan „De Goede Verwachting”, dêr't alles om draeit en hwerom en hwer-troch dizze foriening wurden is hwat it is.

Fedde Schurer fan de Lemmer sei:

**„Al drinz'ge 't kolkjend wetter hûnderttallen,
It hat dyn folk net fan syn sté fordreaun
De frjemde kriichsfeint, hearskjend op dyn wallen,
Hy gong, mar boer en fiskersman bin bleaun.”**

KOÖPERATIEVE BUTERFABRIKEN

It bigoun yn 't lêst fan de foarige ieu. Net as earsten yn Fryslân, mar dochs wol yn 't earste gelid, bigounen hjirre, yn it súdwesten, ús boeren to wennen oan it idé fan it meiïnoar oparbeidzjen, op it mêd fan de suvel. Hjir draaide alris in spekulaesje, dêr't men de molke oan forkeapje koe, en dat joech yn 't earstoan foar de boeren de minste rompslomp. Mar de measten fielden harren net lokkich mei dy gong fan saken.

Dat wie net sa frjemd, hwant elk hie ommers op syn pleats in ûleboerd stean en wiene net dy swannen, al fan âlds, it symboal fan ûnôfhinklikens? Nou dan! Woene se konsekwint wêze, dan ien fan beiden: de ûlebuorden der ôf, of sels de leije yn de hannen nimme.

Dat lêste diene ús boeren. Hoe 't alles krekt yn syn wurk gongen is, stiet nearne biskreaun, mar wol witte wy, dat tiid noch wurk mijd is foar dit doel. Der soene fabriken komme, net omdat it moade wie, mar omdat de needsaek twong. Dat hat yn dy tiden it praet fan de dei west, op kofjedriverken, op de wykmerk, op 'e bûthúsbank en ûnder boeren yn 't lân, elk oan in kant fan de feart. It sil jouns it lêste petear útmakke ha yn de herberge en moarns it earste as de frou thé yn 't bûthús brocht. En sa ripen de plannen fan dizze pioniers en hja waerden sterke troch de krityk. Krityk fan boerinnen dy't harren diskreminearre fielden. Krityk

fan winkellju, dy't bang wiene foar harren nearing yn sâlt en polke, krûden en tsiisdoeken. Krityk fan âldsinnige kollega's dy't baes bliuwe woe ne op eigen hiem. Mar dat sette gjin seadden oan de dyk, hwant nei dit anonime preludium bigjinne de boeken to sprekken.



ACHLUM

Achlum hie it earste fabryk yn dit gebiet, dat de âldens fan de sterken helle hat. Wy soene sizze kinne, dat dêrre de earste stien lein is fan de suvelkoöperaesje yn de Súdwesthoeke.

Ik sit der hwat nuver by, nou't ik dit forhael bigjin. Der moat in kou kealje en dêr wol ik by wekje, dat ik bin efter dit beest op in pak strie bilânne. De inkelde strontspat, dy't nou al op myn skriuwblok sit, kin net folle kwea. De printer sil him grif net oernimme. De kou hat it swier. Ik bin binijd en hoopje dat it in koukeal wurdt.

Ik bigjin nou pas yn 'e gaten to krijen, dat it eigenskip hat dat ik hjir sit. Grif ha de earste petearen yn Achlum, oer it oprjochtsjen fan in suvelfabryk, him ek ôfspile yn it bûthús. Ek dizze minsken sille it net maklik hawn ha, doe't se de saek tariede moasten. En de oare boeren, dy't der mei efter stiene, sille binijd west ha nei de ôfrin en hopen dat it gjin bollekeal wurde soe. Dat is 't ek net wurden.

Yn de bûtengewoan goed forsoarge notulen fan dizze earste jierren stiet it biskreaun:

Op 14 febr. 1888, de earste offisjele gearkomste by D. Donia to Achlum. Der wiene 14 oanwêzigen en alle 14 tekenen as lid. Mar foartiid wiene der al herauten foarút gien en hiene tekst en útliz frege by de fabriken

to Wergea, Tsjommearum en Kleaster Eanjum, oer it wurkjen, de yn-
rjochting en de stichtingskosten. Hja kamen nou bislein op it iis en it
wie dan ek gjin wûnder, dat dizze mannen, mei noch ien dêrby, as ear-
sten yn 't bistjûr bineamd waerden. It wiene: A. Draisma de Vries, D.
M. Anema, L. Oosterbaan, H. Frietema en R. Witema.

Hja hiene de statuten al op papier stean en ek in húshâldlik reglemint en
koene de tekening mei bistek en bigreating foar in fabryk, dy't sy op 400
kij basearre hiene, sjen litte. De gearkomste gie mei alle foarstellen ak-
koard en joech it bistjûr opdracht om alles dêrneffens to regeljen. Harren
doarpstimmerman F. R. Bruinsma krige de gunst om it fabryk to setten.
Sa'k sei, dizze dingen moat earder oer praet wêze as dat de boeken bi-
gjinne. Dat nimt lykwols net wei, dat men forsteld stean moat hwat der
net allegearre bisluten is yn dy pear ûren tiid by Donia. Se wisten dêr
wol fan oanpakken.

Dyselde wyks noch, fregen se yn de krante in man foar de sintrifúzje en
't taforsjoch, in frou foar it bûtermeitsjen en fierder in tsiismakker en
in masinist-stoker.

De folgjende gearkomste is dan 13 dagen letter. Notaris D. Cannegieter
is bywêzich om de oprjochtingsakte passearje to litten. De nammen fan
22 leden wurde yn dizze akte opskreaun en dan troch allegear tekene.
Der sil wol even in plechtige stilte fallen wêze, doe't de lêste letter setten

wie. Ommers, it wie nou safier. De foriening wie der en hie de namme
„De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek te Achlum”. It wie 27 febr. 1888,
de jouns om seis ûre. De namme wie net poëtysk, mar hurd saeklik, lyk
as it doel.

Doel

Omdat allinne fan Achlum in rede fan de foarsitter biwarre bleaun is,
dêr't aerdich moai yn útkomt, hwat de boeren yn dy dagen bisiele, leau
ik dat it nijsgjirrich is om dêr in part fan wer to jaen. De saek dêr't it
om gie, jildde ommers ek foar de oare fabriken en net allinne foar 1888.
It is oan gjin tiid boun.

De earste stien

Wy praetten oer it lizzen fan de earste stien to Achlum. Dat wie figuer-
lik bidoeld, mar it barde ek letterlik. It wie op sneon 28 april. Mei in
man as sechtjin stiene hja op in lyts pounsmiet lân, dat noch kocht wur-
de moast fan it lid, de widdou W. Anema, foar f 1150,—.

It âldste bistjûrslid, A. W. Oosterbaan, lei de earste stien. De foarsitter
hâldde de taspraek, wol sa wurdenryk en fornimstich fan konstruksje,
sa't men dat komselden mear heart. Ik kin it net litte en jow hjirút even
de folgjende passaezje: „ . . . En als wij dan nu zien hoe dit gebouw met

de symbolische handeling die we zoo even zagen verrichten, als het ware aan zijn bestemming toegewijd is geworden door den oudste onder U, hier op deze plaats, van waar - binnen enkele weken, ja weinige dagen - de drijfkracht zal uitgaan, om daarginder een dood stuk ijzer om zijn as te laten draaien, maar daarmêe de werktuigen in beweging te brengen waarop Gij, en terecht, Uwe hoop gevestigd hebt, als we dan zien hoe een 76-jarige nog moed genoeg heeft om te breken met het oude en vol vertrouwen mêe in praktijk helpt brengen de resultaten der wetenschap op het gebied der zuivelbereiding, welnu, dan deelen wij, hem volgende, zeker allen dat vertrouwen en bezielt ons goeden moed voor de toekomst. Wat de toekomst dienaangaande zal openbaren, we weten het niet. Wat we wêl weten is, dat ze eenen ommekeer zal teweeg brengen in de huisgezinnen der Landbouwers en dat ze niet het minst de moeilijke taak der boerin zal verlichten. Wordt daardoor der boerderij, in het bijzonder aan het vrouwelijk personeel, eenig werk ontnomen, op d ze plaats vinden in tegendeel w er vele nijvere handen werk, zoodat het maatschappelijk vraagstuk er niet door bemoeijelijkt wordt, integendeel, indien deze stichting Uwe bronnen van inkomsten rijker doet vloeijen - en om dit doel alleen werd ze in het leven geroepen - dan zal ze aan de goede oplossing van het maatschappelijk vraagstuk ten goede komen".

It soe tofolle plak ynnimme, om de hiele taspraek wer to jaen, mar dit

stikje jowt al oanlieding gen ch ta meditaesje. Id alisme, prinsipe en sosiael fielen, mar dan wol  ndergeskikt oan de „bronnen van inkomsten". Hwa fan  s leden sei dat ek wer, sawntich jier letter op in fusygearkomste: „Wy moatte  s prinsipe net forjitte, mar dat moat fan  s molkjild  fbliuwe".



NET DE ALDSTE RJOCHTEN

As wy Achlum earst neame, omdat dat yn ús gebiet de âldste rjochten hawwe soe, dan is dat net hielendal wier. Wy soene ûnrjocht dwaen oan oare pioniers, dy't hast yn it forjitboek rekke binne, mar dy't fan itselde fjûr bisiele, ienris byinoar staptten, om in mienskiplike molkforwurking op priemmen to setten. Dizze bidriuwen hâldden it net allegear like lang fol, mar dat hat him grif net lein oan de pynterens fan de oprjochters. Wy neame dan ek harren nammen mei itselde ûntsach as al dy oaren.

Sa wie der yn 'e maeitiid fan 1888 al in fabrykje út ein set tusken Hylpen en Koudum. „De Coöperatieve Stoomzuivelfabryk De Groote Wiske” hjitte it en it stie fuort by it stasjon Hylpen. De oprjochters wiene: T. C. Tjebbes, F. R. de Boer, M. Kuiper en S. T. Wiersma. It hat seis of sawn jier bistien.

Ek Kimswert hie ienris in bûterfabryk. Dat wie yn febr. 1888 út ein set mei sawn leden en de gongmakkers wiene: J. Timmer, E. Westra, W. Anema, Kl. Westra en W. Hoogterp. Dat hat it langer folhâlden en wol oant 1920 ta. It makke allinne bûter en miskien wie dat de earste oarsaak dat it net mear meikomme koe. Timmer wie foarsitter, bihearder en boekhâlder, en dêrby ek noch boer. In direkteur hat Kimswert nea hawn. Hoe tafallich as in doarp soms oan syn fabryk kaem, witte wy noch fan

Surch. Dêr wenne boer Jehs. Lammerts Hilarides, op Boatlân. Syn molke gie nei Wytmarsum, dat wie fiif kilometer fan syn pleats ôf. Dat wie him to fier en al dat geswalk die de molke ek gjin deugd. Men koe dan ek it fetgehalte net goed mear bipale, sa woe men doe wol ha. Hy rjochte dus mei P. Bangma en J. Blanksma in partikulier fabryk op to Surch. Op 1 nov. 1892 stelden hja as direkteur oan juffer Tryntsje Hilarides. Sy wie 24 jier en naem ûntslach, doe't hja yn 1897 kaem to trouwen. Har broer Lammert waard doe direkteur en mei dy syn tadwaen is it doe wurden: „De Coöperatieve Roomboter- en Kaasfabriek Frisia te Zurich”.

Yn 1955 lykwols gie dit fabryk in fusy oan mei Wytmarsum, mei gefolgen dat de foriening likwiderre op 11 jannewaris 1956.

Ek to Lollum, op de Súdein, sjogge wy noch in stjelpgebou, dat ienris in suvelindustry bifette. Dat wie de „Coöp. Zuivelfabriek Ruigelollum-Waaxens e.o.”, oprjochte yn 1897 en draaijende hâldden oan 1926. Roelof Troost, fan komôf út Drinte, wie foarman, K. Sysling direkteur. Dizze fjouwer suvelfabriken binne der dus al lang net mear. De omskotten steane der foar it greatste part noch, mar der is hwat oars yn ûnderbrocht. It oantinken wurdt noch justjes yn 't libben hâldden troch de nammen: Fabryksstrjitte en Jan Timmerstrjitte. Ek de namme L. Jehs. Hilarides yn hurdstien, sjocht noch út op de sédyk en in fordwaelde tinkstien tsjûget noch fan hwat der ienris, op dit mêd, yn de Wiske barde.



HIMMELUM

Wy kinne der net ûnder út, dat se yn de Súdwesthoeke hwat oan de bi-hâldene kant wiene. Der draiden yn Fryslân al in fjirtich suvelkoöperaesjes, doe't men hjir noch út ein moast.

Earst yn 1896 wiene der yn Himmelum in 26-tal boeren dy't der ljocht yn seagen. Hwat yn Achlum kin, moat hjir ek kinne, tochten hja. Op 27 augustus is de earste gearkomste dy't oantekene is. Der steane mar twa punten op de agenda:

1. „De benoeming van een directeur”.
2. „Bespreking aanschaf transportkannen”.

Wy kinne fan tinken wol ha, dat hjir hwat oan foarôf gien is en dêrfoar fine wy dan ek de oprjochtingsakte, opmakke troch notaris J. de Jong fan Koudum. It wie op 20 augustus 1896 en de foriening krige de namme: „Coöperatieve Stoomzuivelfabriek Hemelum te Hemelum”. It stik is tekene troch 39 oprjochters, 9 út Himmelum, 11 út Bakhuzen, 1 út Laeksum, 14 út Murns en 4 út Aldemardum.

As earste bistjûr fungearre: Daniël Klaes Doedes Breuning, Frans Reins Haarsma, Jan Rinzes v. d. Meulen, Titte Stoffels Boersma, Harmen Jans Klijnstra en Gysbert Johannes Asma. As direkteur wurdt oansteld: S. J. de Jong van Stiens.

As wy dan it notuleboek wer opslane, dan sjogge wy op dy earste bled-side ek noch de twade gearkomste stean. Dat is op 8 okt. It is feest. De maeijebeam moat op it fabryk yn oanbou en der wurdt bisluten „een zeker bedrag uit de kas der Vereeniging te nemen, ten einde het werk-volk een prettige dag te bezorgen”.

Ja, it set fleurich út ein yn Himmelum, hwant wy hoege mar ien kantsje om to slaen en it is wer feest. Moandei 1 febr. 1897. Iepeningsplechtich-heit fan it fabryk. It is in wike útsteld fanwege de sniestoarmen, mar nou giet it oan.

Jhr. Mr. J. H. F. K. van Swinderen set it fabryk yn wurking en likernôch 1000 kg molke wurdt ûntreamme en ta bûter en tsiis forarbeide. Syn iepeningsrede wie „niet van humor ontbloot” mar de oantekeningen ek net, as wy lêze dat ûnder oaren oanwêzich wiene: de leden, Jhr. v. Swin-deren, Baron van der Feltz, oannimmer S. Hobma en pastoar Poppe, „al-len met hunne dames”. Op 12 maeije 1898 hie de foriening 56 leden mei 1210 kij. Dêrby noch in 28 leveransiers. De ûnkosten wiene 52½ sint de 100 liter en de opbringst fan de produkten: molke 3.35 sinten de k.g.; bûter 99.50 sinten de k.g.; tsiis 18.50 sinten de k.g.



WYTMARSUM

Fan Himmelum stekke wy nou oer nei Wytmarsum, hwant ek dêrre wie yn itselde jier in koöperaasje stichte. Yn Wytmarsum wie al in bûterfabryk sûnt 1889, mar dat siet yn de partikuliere hannen fan Jogchum van der Wal. De twade Krystdei 1895 die hy lykwols syn molkleveransiers to witten, dat hy it fabryk wol oan harren oerdwaen woe. It koe dan as koöperaasje fierder buorkje, tocht him. Sa kaem it ek. De hannel gie oan foar f 32.850,— „voor de heele zaak in massa.” Op 21 jan. wiene der al 45 boeren ryp foar. Hja hiene meielkoar 900 kij. It fabryk, birekkene op 1000 kij, wie doe al stikhinne folboek.

De oprjochtingsgearkomste by J. Meyer wie yn bywêzen fan notaris J. Klaazens de Boer fan Wytmarsum. Dit wie op sneon 15 febr. 1896 de middeis om 2 ûre. „De Coöperatieve Zuivelfabriek Witmarsum” wie in feit wurden, mei as earste bistjûr: L. S. Hilarides, H. Yntema, Kl. de Vries, D. Scheepsma en J. Jansen. Ut 38 sollisitanten bineamden se as direkteur de hear S. Sinnema fan Garyp.

Om even in yndruk to jaen fan de leanen yn dy tiid, haw ik hjir in pear foarbylden: Direkteur f 1250,- yn 't jier; 1e tsiismakker f 12,- yn 'e wike; bûtermakker f 12,-; 2e tsiismakker f 10,-; masinist f 10,-; sintrifugist f 9,-; werkman f 7,50; werkman f 6,-.

Obe Postma fan Koarnwert dichte yn dy dagen:

**De frou stiet op it boerehiem,
Stil by de bûthúsdoar.
Yn Sneinske swarte boerinne klean,
Mei in bûnte skeldoek foar.**

**Har earizer blinkt yn 'e sinne fier,
Hwant it hiem leit heech en frij.
En beammen waechse net to Surch,
De sé is to tichte by.**

De molke waard yn dy dagen noch net rounom neffens it fet, aeiwyt en/of kwaliteit útbitelle. Der waard dan ek net folle pield mei ûndersyk fan de molke, mar hwa't tinkt, dat men dêrom mar nei 't fabryk bringe koe hwat men woe, dy hat it mis. Né, op de ûntfangst hiene se goed de eagen iepen en oars de bistjûrsleden wol, dy't by elk erchtinken it front-sje foar diene en op it kantoar byinoar kamen.

Gauris komme wy yn de notuleboeken sa'n „tusschen tijdsche oproeping” tsjin, hwerby dan oer it lot fan in fortochte boer bislist waard. It gie meastentiids al om in boer dy't wetter by de molke dien hie. Soks roun dan faek mei in warskôging ôf, dêr't dan wol bykaem, dat sa'n boer dan fierder as „wetterboer” troch it libben moast. Yn 1906 lêse ik fan in lid, dat de molke ôfreamme hie, en seker net foar de earste kear, hwant it wurdt in „kwalijke gewoonte” neamd. Hy krige f 25,- boete. Dat wie noch al skaplik, as men sjocht dat it ek oars koe. Dêr wist Piter Jentsjes fan mei to praten.

Hy wenne op 'e klaei, dêrre dêr't bou en greide mekoar ôfwikselje en it moat likernôch sa tagien wêze: De deis tofoaren hie hy de lammen by syn skiep weihelle en nou hied er de skiepkjes foar de hikke stean. Op syn platte tuolle siet hy to melken, djip foaroer, mei de knibbels wiid út,

hast op skouderhichte. It skieppammerke hied er klam tusken de ankels. Syn-skiep joegen in skoane flut molke en it fornuvere him dan ek net, dat de lammen it sa bêst dien hiene.

Nije wike soene hja oant skieppetsizjen, mar hwer't er nou mei dizze molke hinne soe, dat wist er suver net. By it jisterstek stiene syn bussen molke, klear om nei 't fabryk. De lidden stiene skean op de halzen, dan koe't noch hwat útwazemje. Foardat hy der sels rjocht erch yn hie, tilde hy even ien lid op, en tjoep . . . dêr gulpte de skiepmolke by de kouwe-molke yn 'e bus. In kertier letter, dêr rattele it saekje al nei 't fabryk. Piter-boer spitich en bliid tagelyk. Spitich fan skurvens en bliid om syn skoander miel molke. Dy blidens duorre lykwols net lang.

It wie krekt as hiene de protters syn skande oerdroegen nei 't fabrykskantoar. Direkteur en bistjûr diene gjin lichten. De suvelkonsulent waard der sels yn bihelle, mar dy sei, dat skiepmolke skiekundich net oantoand wurde koe yn oare molke. Hy stie der op oan, om dit gefal net foar de boargerlike rjochter to bringen. En dochs soe Piter boetsje.

De oare deis, dêr wie 't al sa. Piter waard foar de hearen ûntbean en kofjetiid, dat oars sa'n moai skoftsje fan de dei plichte to wêzen, siet Piter op it fabrykskantoar, tsjinoer de direkteur en fjouwer bistjûrsleden. Men koe sjen dat it de mannen earnst wie en it fiede Piter as gied er troch de stoel, doe't de foarsitter it wurd naem en sei: „Piter Jentsjes,

wy ha jo hjir fan 'e moarn net foar de grap komme litten. It is slim dat ik it sizze moat, mar jo hawwe juster skiepmolke oan ús fabryk levere". Piter woe him noch in bytsje skjin prate, mei to sizzen: „Ik wit fan neat, dan moat myn soon dat dien ha". Mar sjoch: Ien klopke op 'e doar en dêr kamen twa boeren foar 't ljocht dy't der mear fan ôf wisten. En nou sitear ik de notulen: „Deze getuigen verklaarden pertinent gezien te hebben, dat het emmertje, in hetwelk de schaapsmelk was gemolken, weder werd geledigd in de melkbussen, en dat ze, zoo dit noodig bleek, bereid waren, genoemd feit onder eede te bevestigen". Dat liigde der net om. Dêr wie gjin ûntkommen oan en Piter waerd foroardiele ta in boete fan f 500,-. Fiif hûndert gounen, it stie der fol út. Dat bitsjutte hwat foar dy tiden. Sa'n bidrach, dêr moast in folslein man in jier foar arbeidzje. Noch nea hie Piter syn skiep sá bûten de amer molken.

Doe't ik dit forhael earne yn de notulen tsjin kaem, frege ik mysels ôf, oft dit net to slim wie. Sa'n oanpak, om in flutsje skiepmolke. Hie f 5,- net genôch west? Of soe dizze strangens faek in neiklap west ha fan de griemerijen út earder tiden? Ut de tiid doe't der noch gjin fabriken wiene en de bûterhannel op 'e rêch lei troch praktiken mei wetter, sâlt en smoar?

Ik wit it net. Mar as men miende dat it sa moast, om de kwaliteit fan de suvel to hoedzjen, hwat soe men der dan folle fan sizze? Dêr die men

alles foar, hwant de fryske suvel soe de namme werom ha, dy't it ienris hawn hie. Dêrfoar stiene direkteur en bistjûr as ien man en op de bûter- en tsiiskeuringen die soks bliken.



TSJOM

Yn de notulen fan de N.H. tsjerke to Tsjom, lêze wy, dat op 6 febrewaris 1897 troch de tsjerkfâden en notabelen, it bislút nommen waard, om in diel fan it „Steatenlân” ôf to stean foar f 400,- it pounsmiet, as bougroun foar in suvelfabryk.

Sjesa, dat joech hâldfêst oan de plannen dêr't in stikmannich boeren fan Tsjom dy dagen mei bisiele wiene. De groun wie net djûr en it lei der moai oan de Tsjommerfeart. De oprjochtingsakte fan de foriening waard passearre foar notaris D. Cannegieter op 10 febr. 1897, ûnder de namme: „Coöperatieve Stoomzuivelfabriek Tzum te Tzum”, hokker namme letter omdoopt waard ta „De Eensgezindheid”. Op de oprjochtingsgearingkomste wiene 33 leden. Hja hiene meielkoar 447 kij. As earste bistjûr waard keazen: Edzer E. Westra, Simen J. Wiersma, Ulbe D. Hannema en Lieuwe S. Greidanus. As kommissaris: G. M. v. Dijk, R. Y. Kestra en D. Cannegieter. Noch deselde deis waard bisluten om alfêst iisblokken to seagjen út de Tsjommerfeart, dêr't in suvelfabryk doedestiids net bûten koe.

It bouwen fan it fabryk en direkteurs-wenning waard gund oan de Tsjommer timmerlju D. L. de Jong en S. P. van der Meer, foar de priis fan f 24.987,-. Jehs. Borger fan de Jouwer hie de architektuer. De ynfentaris

waerd bisteld oan de firma Massee to Goes foar f 11.165,- As earste direkteur waerd bineamd A. A. Osinga, dêrfoar direkteur to Weidum. Ik wit net hwer't it him yn sit, mar as it safier is, swije meastal de boeken in skoft, om dan wer to bigjinnen as it fabryk al in wykmannich draeit. Sa is 't ek hjir it gefal. Nei hwat sneupen foun ik in forgiele briefke mei it folgjende gedicht:

„Ontwassen aan de kinderschoenen
Beweegt zij gansch deez' Maatschappij
Scheen 't zwaar, zich met haar te verzoenen,
De tijdgeest stond haar trouw ter zij.
Moog' die ook hier haar steeds versterken
Met practisch nut als resultaat.
Blijv' van haar uitgaan: doen en werken,
Zooals in 't beeld hierboven staat”.

En dan as ûnderskrift: „De eerste steen aan deze fabriek gelegd, den 26 maart 1897 door de leden van het bestuur” en dan de nammen fan it earste bistjûr.

Ut in kranteknip sel fornimme wy dan, dat op 14 sept. 1897 it fabryk yn wurking gie. It wie ek noch net sa lang 14 sept. hwant om healwei fjou-

weren stie de earste boer al mei syn molke foar de ûntfangst. It wie it lid Nanning Hoitenga mei syn molkwein. It hat grif spannend west dy moarn yn Tsjom, hwant Hoitenga wie ek noch mar krekt earst. Doe't er it hynder útpikt hie, kaem J. J. Hoogland der ek al oan fjouwerjen en doe duorre it net lang mear, of alle boeren stiene mei harren molke foar it fabryk. Oft direkteur Osinga dat nou sa gesellich foun, dêr twivelje ik oan. Hy moast sels de molke ûntfange, omdat it personiel noch net by de wurken wie.



BALK

It wie yn de hjerst fan it jier 1895, doe't trije boeren fan Sondel en Harich in gearkomste bileinen op Kipenboarch. It wiene: Yke Schaap, B. H. v. d. Goot en B. M. v. d. Goot. Alhoewol de forgadering goed bisocht wie, kaem it net ta dieden. Elk fielde der wol foar om meiïnoar in fabryk to stichtsjen, mar men doarst it net oan. Der waerd dan ek mar ien bislút nommen en dat wie: rêste litte de saek. „En dochs”, sa seit Brant Martens de oare wyks, „ik leau dat it sied siedde is”.

It soe oardel jier duorje foardat it opkaem. Doe kamen se wer byelkoar: „ten huize van logementhouder P. Schram” to Balk. It wie op 24 febr. 1897. De oprjochtingsakte waerd foarlêzen troch notaris Potma en tekene troch 35 leden mei 605 melkkij.

As „Coöperatieve Stoomzuivelfabriek Harich te Balk” soe de nije foriening de tiid tomjitte gean. It earste bistjûr bistie út: Brant Martens v. d. Goot, Brant Hylkes v. d. Goot, Stoffel Hylkes v. d. Gaast en Auke Hettes de Vries. Men wol wol ha, dat de namme „Harich” in treastpreemje wie foar de Harichster boeren, omdat it fabryk yn Balk kaem to stean, „ten zuid-westen van Balk, met de snijlaag 30 cm boven de kunstweg en op 15 meter afstand daarvan” sa stiet it biskreaun. De groun wie kocht fan widdou H. B. v. d. Goot, foar 30 sinten de m2.

It bistjûr hie as foarbyld nommen it fabryksgebou fan Grou en de yn-
rjochting fan Marssum. Boumaster wie W. de Jong fan Sleat en oannim-
mer Ane Konst fan Harich. De bigreating wie foar it gebou goed
f 30.000,— en foar de ynfentaris krapoan f 7000,—. Nanne Reinders
Kuperus fan Wommels wie de earste direkteur.

De molkritten waerden útbistege foar gemiddeld 13 sinten de 100 liter
en de boeren dy't it sels brochten krigen 10 sinten de 100 liter. Op 22
oktober 1897 kaem it fabryk yn wurking. De earste molke dy't der
trochgie wie fan Jouke Durks Tuinier. Op 12 maeije dêrop, wie der
1.300.000 liter forarbeide, dêr't foar útbitelle wie: 4,14 sinten de liter.
„It giet labindich, us!” seine de Balksters.

„FOAR MINS EN PRODUKT”

„Om koart to gean” sa sei de direkteur fan Balk om 1902 hinne oan de molktafel, „om koart to gean, it giet der by ús koöperaesje om, dat mins en produkt harren gerak krije”. „Sjesa”, sei Wabe Sibbeles, „dat is streksum praet, dêr hat men hwat oan”. En doe’t hy thúskaem, hat er it ek oan syn Maeike forteld.

Hwat kin it al nuver bislaen. Noch gjin wike letter, op in ljochtmoanne nacht, foeren der twa molkfarders út, mei de molkpream. Hja hiene gjin bussen molke, mar tsizen oan board. In knap frachtsje tsiis hiene hja, ûnder taforsjoch fan de direkteur, by it fabryk ôfladen. Mar de útspraak fan de direkteur oan de molktafel diek de lading net, sa’t wy sjen sille.

Nou boomken hja bihoedsum de Luts del. „Hjir hoege gjin eagen oer to gean”, hie de direkteur sein en it like der op dat it slagje soe. Hiel Balk lei yn nachtrêst sa’t it like. Hoe’t it dan ek mooglik west hat, dêr is men oant hjoed de dei noch net efter, mar de oare deis wist hiel Balk en omkriten to fortellen, dat der dy nachts in fracht tsiis nei de Sleattermer mar fearn wie en dêr yn it wetter keild. De frage, hwerom dy tsiis sa’n frjemde bistimming krige, wist allinne de direkteur in antwurd op, en nou ek it bistjûr, dat yn bûtengewoane forgadering gear kommen wie.


Hwat wie der bard?

It wie bikend, dat Jillus tsiismakker de lêste wiken net rjocht by de tiid wie. Oan ’e lette kant gied er nei dokter ta en dy bearde noch al hwat, doe’t er him ûndersocht hie. Jillus soe in krupsje ha, dy’t noch al oanhong. Hy koe dan ek gjin tsiismakker bliuwe en dokter rette de direkteur oan, om alle tsiis, dêr’t by it meitsjen syn azem oer gien wie, to forneatigjen. Sadwaende.

Jillus klautere al gau wer hwat by de wâl op en waerd net oan ’e dyk set. Hy krige in kedde en wein fan it fabryk en sutele tonei de kontreijen ôf mei tsiis dy’t hy „sjêzer” neamde. Hy forkocht it by ’t poun en der siet wol sleet yn. Elk gie mei de saek akkoard. It wie al lang moai dat hy wer wurk hie. Mar doe’t Wabe letter nochris tsjin it wiif sei: „It giet by ús koöperaesje om mins en produkt”, doe sei Maeike: „Nou moatst ophâlde, de earste tsiismakker mei de kedde de boer op en de tsiis yn de Sleattermer mar”.

Fedde Schurer fan de Lemmer dichte:

**Wy ha de kerl yn de ierde lein,
Mear kin de boer der net oan dwaen.
De sinne moat de myldens jaen
En dûnkre rynske wolken rein.**



KOUDUM

De fabryksskoarstien waard sa stadichoan al in fortroud byld yn it Fryske lânskip. Ek foar Koudum like dat weilein to wêzen. Op 15 maeije 1897 waard yn de herberge fan Jouke de Boer de foriening oprjochte mei de namme: „Coöperatieve St. Zuivelfabriek Concordia te Koudum”. 38 boeren hiene de akte tekene, mei notaris J. de Jong, dy’t nou even de lieding krige, omdat dit it momint wie, dat de foarhânse kommisje har wurk dien hie en nou in offisjeel bistjûr bineamd wurde moast. Dat waerden: Douwe J. Bouwstra, Durk J. Jaarsma en Jarich K. Bajema. As pleatsforfangers: Bouke Kramer, Alle Dijkstra en Roelof Bajema. As kommissarissen kamen út de bus: L. Hylkema, O. Bajema en J. de Jong. It bistjûr die de dingen mei oerliz en sa út de boeken to fornimmen ûnder it motto: „In goed stik wurk is tiid foar nedich”.

Tsjin de hjerst seagen hja om nei bouterrein en sy slaggen by Pieke Lykles v. d. Wal, dêr’t hja in lyts oardel pounsmiet lân fan oankochten. It lei yn de hoeke Far-Simkewyk en de priis wie f 1.111. Dat wie op 25 okt. 1897. Ut 24 sollisitanten, wurdt op 8 jan. oan J. Feikema to Súd-laren in telegram forstjûrd mei as ynhâld: „De vergadering „Concordia” wenscht u geluk met de benoeming” tekene: Bouwstra. Op 16 maeije 1898 lêze wy dan ynienen dat it fabryk al in moanne wurket.

It stichtingsbidrach wie f 46.642,71. It resultaat mocht der wêze. It fabryk skeinde it moaije plakje Koudum net. Krekt oarsom en it brocht gâns libben op de Symkewâl.



WARNS

Doe't ik in kear op 'e fyts nei Gaesterlân gie en yn Warns oanstiek, siet der in âld mantsje oan in bearenburchje en doe't wy even oan 'e praet rekken frege hy my: „Binne jo dan miskien in soan fan Tjitte fan Age Simens Eiberts Gerrits?” Ik hie der wol oan op dat stuit, mar letter ha ik it neifiske en it kaem krekt út.

Dat is echt Gaesterlânsk, mar ek dêr omhinne komme wy dat tsjin. Och sa sterk yn it neamen fan foarnammen. Wy fine dat ek werom yn de fabryksskiednis en dan net allinne yn de offisjele stikken, mar gewoan yn de forhalen en soms sûnder efternamme der by. Sa kamen wy dat tsjin yn Balk, mar ek yn Warns, dêr't as earste bistjûr neamd wurde: Anne Annes Bajema, Piter Nannes van der Zijpp, Ids Wyttes van der Zijpp, Klaes Annes Bajema, Jakob Aukes Lootsma en Roelof Jans van Rijs. Kommissaris wiene: Popke Frearks Steginga, Jakob Wouters Veldstra en Hindrik Hindriks de Boer.

De oprjochting wie yn de herberge fan P. Terpstra op 16 febr. 1899. Notaris De Jong fan Koudum lies de akte foar dy't ûndertekene wie troch 40 leden mei totaal 757 kij. Dat wie wol in strop foar it partikulier fabryk „Nijegea”, hwant ik mien to witten dat se der alle fjirtich wei kamen. „De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek Warns en Omstreken

te Warns” wie in feit wurden, ek al stie it fabryk der dan noch net. Der waerd groun oankocht fan Hindrik Jans de Jong en as boumaster soe fungeare A. Schrale, foar de som fan f 1000,—. It setten fan it fabryk waerd gund oan J. H. Bos fan Twizel foar f 28.920,—. Stoommasine en tsjettels kamen fan de firma Meinesz fan Balk foar f 6.700,—. Fierdere ynstallaesje fan v. d. Ploeg to Grou. Yn maert bigoun men mei de bou fan 4 fabrykswenten foar totaal f 4.593,84. As earste direkteur waerd oansteld, út 48 sollisitanten: H. Bousema, doe noch wurksum yn in margarinefabryk to Alkmaer.

De earste molke kaem oan it fabryk op 23 des. yn molkbussen fan in priis fan f 4,20 en f 2,50 it stik, 40 literse mei earen en 20 literse mei in seel. Dizze molke kaem út Warns, Skarl, Molkwar en Starum en op moandeitomoarn 8 jan. 1900, tusken 9 en 12 ûre, koene de boeren harren earste molkpûdtsje, by de kastelein yn Warns, yn ûntfangst nimme. Dat is in lange tradysje wurden, hwant it is nou al trijetûzen kear bard.

MOLKFORFIER

Hjir rydt mei faesje in molkauto foarby en in „Unimog”, beide mei oanhing. Twa hûndert bus molke elk, ha'k it op. Mei de ridende ûntfangst derby ha se gau hwat molke oan it fabryk.

Doe't ik in lytse jonge wie, moasten wy nei skoalle ta rinne. It wie 5 km en as de molkrider net to let wie, dan koe ik mei him ride. Hy hie in ôftanke boerehynder foar syn molkwein en as hy de kannen laedde, mocht ik de leije beethâlde. Hy hie 6 of 7 boeren op syn rit en kaem dan troch inoar mei in 30 bus molke oan 't fabryk. Dat wie in normale molkrit yn dy dagen. Hy die oardel ûre oer dy 5 km, hwat foar in molkrider op jierren, mei dito hynder, doe wol sawat it tempo wie. Wiene wy hwat let, dan roun ik op 't lêst de wein wolris foarút, om op tiid op skoalle to kommen. Tsjintwurdich ride de jongens hiel inkeld ek wolris mei de molkrider, mar ik hear der noait fan dat se him foarút rinne. Né, it tempo is wol hwat foroare.

Fiif-en-sawntich jier forlyn lêze wy fan molkrider mei in hounekarre en mei in molkkroade. Sels oan in molkrinner mei twa kannen oan 't jok, seach men gjin niget. Yn it reglemint wie hjir en dêr opnommen, dat de molke forfierd wurde moast, safolle mooglik mei it boat en oars op in wein mei solide fearren, of droegen. Dat wie better foar de molke en

ek foar de dyk, hwant ek dêr hâldde men rekken mei. Wy lêze b.g. yn 1905 fan in provinsiale regeling op it molkforfier, dy't tusken 15 nov. en 15 mrt. it forfier fan mear as 20 bussen op ien wein forbiedt. Ek de boer dy't sels de molke nei 't fabryk brocht yn kombinaesje mei syn buorlju, hie dêr soms mei to krijen.

Dizze „selsriders”, wie soms in opbringregeling foar. In „tomjittekommen” neamde men dat. Ik ha hjir sa'n regeling lizzen. Fan 4-5 km, 2,5 sint de 100 kg. Fan 5-6 km, 3 sinten en fan 6-7 km, 3,5 sint. Fierder as 7 km wenne sa't skynt net ien, alteast de regeling hâldde dêr op. In oar reglemint, dat ik tsjin kaem, hie't net oer kilometers, mar oer minuten en kaem ta forgoedingen fan 14 sinten de 100 kg as men boppe de 50 minuten kaem. Miskien dat dit wol ien fan de oarsaken wie, dat it net sa hurd gie. Yn Wytmarsum skatte men de totale gemiddelde forfierskosten yn 1910 op 1/8 sint de kilo, en dat waerd dan ek yn hâldden op de foarskotpriis. Twa boeren, dy't oan in minne dyk wenen, moasten foar dat ûngeriiif, tweintich wike yn 't jier elk noch ien gouna wyks by bitelje.

Wy kenne nou ek frij yngewikkelde birekkeningen, frâl by it tankforfier, mar alear wie it folle mear in gribus fan regelingen, mei reedforgoedingen, opbringjilden, ûnderhâld fan fearten, reden, barten en brêgen, lorry's mei rails, molkkarren ensfh. en elk fabryk die it neffens ei-

gen wizânsje. Soks skreau oan de protters om wraek en wy meije wol bliid wêze, dat wy stikhinne fan dit ûnrjochtfeardige molkjildforparten forlost binne.

Der is folle foroare by it molkforfier, mar it bliuwt in punt op de agenda fan de bistjûrsgearkomsten. Der is ek folle gelyk bleaun. Ek yn 1900 kamen der al klachten oer waechbryfkes oan de bussen en oer forwiksele kannelidden. Ek yn 1900 driigden der al molkritten to forbrokkeljen. Doe net troch de tankmelkers, mar troch boeren dy't sels wer bigounen to tsjernjen. Ek yn 1900 driigde der ûnfrede as de boer de molke net op tiid oan de dyk hie.

Oare passaezjes fan doe binne ús ûntgroeid, sa as: „De melkvaarders moeten tijdig de zeilen strijken bij het naderen van schichtige paarden”. In molkfarder moast dus ek hynstekenner wêze. In oantekening dy't minder romantysk oandocht is: „Er wordt besloten een nieuwe melkrijder aan te schaffen”. Ja, tiden hawwe tiden, en ik hie dit lêste net neamd, as fierder yn dit selde notuleboek net praet wie oer: „De gouden schakel die onze boer met de fabriek verbindt.”


Obe Postma út Koarnwert seach yn 1950 ek al, dat net álles foroare:

Noch wynt him it paed de lannen troch, nei't lytse doarpke ta.

Noch komt oer 'e greide de rook fan 't hea en de klaver blomket sa.

Noch rattelt de haeiwein oer de reed en hellet syn kost'le fracht.

Noch drave de keallen de finne oer, as 't seel op de amers slacht.



WARKUM

Al yn 1890, waard der yn in gearkomste fan de „Friesche Mij” fan de ôfdieling Warkum, in foarstel dien troch inkelde boeren, om meiïnoar in bûterfabryk op to rjochtsjen. Dat waard lykwols flot ôfstimd, hwant, sa stiet yn de oantekeningen: „Het leveren van melk aan fabrieken ter bereiding, zal de aanfok van vee niet bevorderen”.

Dêrmei wie it praet út en it soe hast tsien jier duorje foardat dizze trie wer oppakt waard. It soe nou wêze en de bûter soe jild jilde. De oprjochtings-gearkomste, by Ketelaar, waard lykwols mar matich bisocht en ek it stelde minimum fan 800 kij waard net helle. It kealle dus wol swier, mar it krige syn gerak. De akte waard passearre foar notaris C. K. Tjebbes, mei as tsjûgen de klerk Simen Suwijn en de stalhâldersfeint Sieds Bangma. Trije-en-tweintich leden setten harren nammen en sa wie „De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek De Goede Verwachting” réaliteit. Foar it gefal dat de partikuliere „Tjebbesfabryk” de stôk efter de doar ha soe en de molke wegere fan de yntekenaers, hiene Koudum en Surch al tasein, dat dy dêr dan salang torjochte koene.

It moat sein wurde, fabrikant Tjebbes hie hjir alve jier yn de earste forletten forsjoen en it wie gjin wûnder dat dizze bidriging him nou yn 't harnas jage. Hy foardere dan ek op stel en sprong de molkbussen op

fan dizze boeren. It wie dus mar goed dat der in efterdoar wie foar dy molke, mar dat joech al hwat ekstra kosten, sadat der avensearre wurde moast mei it nije fabryk. „Met de meest mogelijke spoed, wordt voortgewerkt” stiet der dan ek. It earste bistjûr bistie út: S. J. Ybema, Tj. S. Westendorp en St. A. Elgersma, mei as forfanger: G. Ketelaar. De kommissarissen wiene: F. de Boer, M. A. Brandsma en M. Hielkema en de forfanger C. K. Tjebbes.

Hja kochten oardel pounsmiet groun oan de Hoarse foar f 1600,— fan de R.K. tsjerke en biseagen etlike fabriken, hwerfan se Skearnegoutum namen as foarbyld. Dit hiele forhael barde yn ien wike tiid. Op 28 febr. lei architekt A. Hoekstra fan de Hommerts de tekening op tafel en doe koe timmerman De Jong dan ek al gau útein. Op 8 juny waerd út 14 kandidaten bineamd as direkteur J. Feikema fan Koudum.

Tidens de bou fan it fabryk forgadere it bistjûr steech en dreech troch. It forparte de ûnkosten earlik ûnder „It Stasjon kofjehûs”, hotel „De Wijnberg”, hotel „Ketelaar”, „De Stad Workum” en „Logement De Koophandel”, oant op 4 okt. fan it jier 1900 it fabryk yn wurking kaem. Nou wie it fabrykskantoar tonei harren hinnekommen en de hege skoarstien rikke foar 25 trochsetters út Warkum, it Heidenskip, Ferwâlde en Nijhuzum. Dat dit Warkumer fabryk it nou sa hurd op in groeijen sette leau ik net, as ik sa art. 7 fan it húshâldelik reglemint anno 1905 oerlês.

Dêr stiet n.l.:

„Indien te eenige tijd mocht blijken dat het aanbod van melk aan de fabriek tijdelijk te gering is, om de bereidingskosten te dekken, is het bestuur verplicht de leden ter vergadering te roepen en aan deze voor te stellen de werking der fabriek tijdelijk te staken”.



EASTHIM

It moat om 1896 hinne west ha, dat Klaes Rollema fan Folsgeare, in hânkrêft fabrykje ynrjochte op syn eigen pleats. Hy seach wol yn, dat hy it paed fan syn foarfolk forlitte moast, mar om nou it bûtermeitsjen en it tsiizjen de doar út to dwaen, dat gie him to fier. Hy koe dat net rjocht misse op 'e pleats en mei 't syn soan in suveloplieding hawn hie yn Denemarken, rêdde dat him skoan. Yn 1901 lykwols socht hy oare wegen en rjochte hy, mei oaren, in fabryk op ûnder Easthim.


Klaes Rollema waerd sels foarsitter en fierder kamen der yn dit bistjûr: H. P. Wesselius, K. G. Damstra, D. Hokwerda en P. Hilarides. As kommissaris waerden keazen: K. S. Breeuwsma, P. Strikwerda en W. Abma. Op 11 maeije 1901 waerd de akte tekene troch 20 leden, mei 502 kij. It wie op it kantoar by notaris H. Wierda to Drylts. It bern wie der en it moast in namme ha. Dat hat der noch al hwat ynhongen yn Easthim, mar it gie wol demokratysk, sa net. Uteinlik moast der in kar dien wurde út: „Nijezijl”, „Ons Belang”, „Eensgezindheid”, „De Hem”, „Harmonie” en „De Hoop”. It is wurden: „De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek De Hem te Nijezijl onder Oosthem”.

Op 13 maeije reizge it bistjûr mei it spoar nei Warkum om dêr it fabryk to bisjen. Yn deselde reis diene hja Warns en Koudum oan en twa

dagen letter biseagen se it fabryk to Heech. Sy wiene doe gau út 'e rie en setten in fabryk út foar molke fan 2000 kij to Nijesyl. De grintdyk moast hwat forlein wurde, hwant oars wie der to min romte.

De bigreating foar fabryk en weiomlizzing wie f 50.100,—. It terrein koste f 7500,— en de ynfentaris hiene hja op f 23.200. De bou fan it fabryk waard gund oan Broersma en Anema fan Harns, foar f 54.948,—. Der wiene 26 ynskriuwers. De seis arbeiderswenten kamen totael op f 4200,—. Ut 28 sollisitaesjes waard as direkteur bineamd A. v. d. Meer út Burdaerd.

De offisjele iepening fan it fabryk wie op woansdei 2 april 1902. Om net yn ûngelegenheit to kommen, koene de leden, oant dy dei ta, de molke kwyt oan Heech en Wytmarsum. It wie in hurde striid yn dy dagen, dat soene se yn Easthim ek ûnderfine. Dochs is de ûndertoan yn de oantenkeningen myld en gemoedlik. In strypke groun, dat hja net dalik brûke hoegden, mocht frou Gietema brûke om op to blikken. As forgoeding stelde hja har kop en pântsjes biskikber foar de ledegearkomsten. It hat in drokke maeitiid west foar it bistjûr, hwant hja wiene hast alle dagen op 'n paed, om alles to regeljen en persoaniel en binammen leden to winnen.



HEECH

„Foardat de Koöperaasje der wie yn Heech”, sa fortelde in âld lid, „barde ik in stûr foar de healkanne molke, 25 goune foar in skippoun tsiis en 33 goune foar in fet bûter earste kar, dêr’t dan ek noch 28 stûren ôf gie foar it bûterfet”. Wy ha der even wurk mei om dit forhael to wikseljen, mar dan wurdt it ús dúdlik, dat it ek to Heech net út wielde gie, dat men op 2 april 1900 de Koöperaasje oprjochte.

„Hoop op Zegen” hjitte dizze foriening en dat soe mei greate letters op it fabryk komme to stean, it fabryk oan de Skatting. Architekt wie W. de Jong fan Snits en it waard boud troch timmerman Kroon fan Wytmarsum foar f 53.000,—. Ik tink hast dat dêr de fjouwer fabrykshuzen by yn sieten, mar dat wie doe sahwat in suertsje by de boadskippen. Op 7 mrt. 1901 koe de earste molke levere wurde. Der wiene doe 28 leden. It earste bistjûr bistie út: L. W. de Vries, S. S. Visser en J. S. Huitema, mei as kommissaris: K. K. Hettinga, H. P. Wesselius en mr. P. D. Poelstra. As direkteur waard bineamd de hear Sinnema, oant salang direkteur to Surhústerfean.

Mei syn stipe kaem it earste jier it ledental noch op 46. Dat joech moed to Heech, alhoewol heechmoed harren frjemd bleau. Dêr wie ek gjin plak foar. De skiednis sprekt ek hjir fan bernesykten en tsjinslaggen. Der

wie gjin couveuse of broeikas foar dizze jonge spruten fan de suvel-koöperaasje. Hja moasten daliks hurdzjen leare en wenne oan it wrede klimaet, dêr't hja yn pleatst waerden en dat doe ek al ekonomy hjitte.



WALDSEIN

As de foartekens net forrifelen, dan soe ek Wâldsein net lang mear wachtsje litte op har bûterfabryk. Der wie yn de neisimmer fan 1901 yn elts gefal gâns praet yn dy rjochting. Op 19 oktober waerd it plan definityf en by Reitsma op 'e seal, wurdt dan de foriening oprjochte: „De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek De Samenwerking te Woudsend”. Mei notaris Poelstra fan Heech, tekenen 28 leden de akte. Sy molken neffens de opjeften 750 kij. It earste bistjûr bistie út: B. W. Okma, W. N. Asma en H. J. Tromp, en as forfanger: N. Galema. De kommissarissen wiene: L. Tromp, K. L. Okma en G. Bakker, mei as forfanger: G. H. Brandsma.

Sy litte der nou gjin gers mear oer groeije en keapje groun oan fan Andringa en mefr. Poppes, as fierwei it geskikste foar de bou fan 't fabryk, mar mei ien biswier en dat wie de dwinger dy't dêr lei. Boumaster wurdt S. H. Swarts fan 't Hearrenfean en oannimmer: S. W. de Boer fan Lippenhuzen. It fabryk moast birekkene wêze op it forwurkjen fan de molke fan 900 kij.

Ut de notulen kinne wy ek noch rûchwei de totale bigreating spesifisearje, dy't totaal mar $\pm$ f 50,— forskeelt mei de lettere ôfrekkingen. Gebouwen f 51.740,- (6 arbeiderswenten ynbigrepen); masinieren

f 21.000,-; elek. ljocht f 2.000,-; terrein f 3.000,-; tsiisbakken ensfh. f 5.000,-; parsen en fetsjes f 1.500,-; kalktamakker f 250,-; weinen en preammen f 1.500,-; fervjen en oanlech f 500,-; architekt f 2.069,60. Meiïnoar f 88.559,60.

Op 19 maart 1902 waard yn de ledegearkomste as direkteur bineamd: L. Sieperda fan Eagmaryp. Yn okt. dat jiers, krekt in jier nei de oprjochting, bigoun it fabryk to draeijen. Hastich leveren de boeren harren tsiisparsen yn. Tweintich gonne foar dûbele en tsien foar in inkelde. Tagelyk koe dan de ynlech forrekkene wurde fan f 5,- de kou, sa't dat by de measte fabriken it taryf wie. De net-leden krigen 2% koarting op 'e molkpriis en as hja tige ûngaedlik wennen, sa as guon yn Teroele, dan waard dat 3%.

Us Nederlandse dichter Cats, sei yn de 17e ieu:

**„Het is de beste melk, wanneer de grage koeijen
Te midden in de Meij de groene Kruyden snoeijen,
Want als het dorre stroo de kudde 's winters voedt
Dan is haer voetsaam sogh in verre niet zo goet.”**

Och, it is noch mar koart lyn, dat Rein de Boer thús kaem fan de wykmerk. Hy hie sa'n goed sin as hwat, mar doe't er syn molkpûdtsje iepen hie, doe foroare dat. „Hwat hast nou wer to stinnen?” sei syn frou. „Nou moatst hjir wer ris sjen. Nou ha'k krekt wer sahwat in fearnsjier 1e klasse en dan fine se wer hwat nijs út. Mis is 't wer, dat silst gewaer wurde. Nou binne it de „oxidatie middelen” dêr't se om sykje wolle. Ik wit net iens hwat dat binne foar dingen, mar jow my it âlde systeem mar wer fan „vuilheid, geur en duurzaamheid”. „Jawis jonge, dou hiest fyftich jier earder libje moatten, dan hie der neat to rêdden west”.

Dat like Rein ek wol sa ta. Doe hie men grif dy fiven en seizen net fan tsjintwurdich. Soe Rein gelyk ha? Wy slane de boeken der op nei en sjogge dan dat der dalik by it oprjochtsjen fan de fabriken al omraek op timmere waard, om goede molke ôf to leverjen. Wy komme dan om 1900 hinne al ûnwierskynlike hege boeten tsjin. Yn Easthim mocht men oan tûzen gounen ta gean. Koartingen fan 1/4 sint op 'e mingel wie gewoan. Dat soe neffens nou goed 3 sinten op 'e liter wêze.

Yn Wâldsein wiene bistjûrsleden dy founen dy koartingen net sympatyk en dy woene it al sa leaf sykje yn taslaggen foar de bêste molke en dan útbitelje oan de fammen, dy't mei molken en de kannen en amers him-

melen. Sy woene de boer dan in diploma jaen. Mar dat foarstel kaem der net troch, en as Rein miende, dat der doe gjin foarskriften en forplichtingen wiene?

Der wiene fabriken by, dêr moasten de boeren de molkbussen wyt fer-
vje en oan de dyk of feart ôfdekke mei in wyt seil. „ . . . tegen de kwade invloeden van de brandende zon”. To Achlum wiisde men der op, om: „deze melkbussen uitsluitend te gebruiken voor het vervoer van melk en dus wei of karnemelk in ander vaatwerk te vervoeren”. En fierder: „Melk van deunske koeien moet worden verzonden in bussen voorzien van een herkenningsteken”. Der stiet net by hwat men mei dy molke die, mar dêr bin ik al nijsgjirrich nei.

„Het is verboden te leveren: melk van koeien die niet aan hen (dat binne de leden) toebehooren, melk van zieke koeien, melk van pas ingekochte koeien, melk van koeien anders gevoederd dan met gras, hooi, stroo (uitgezonderd haverstroo), roode klaver, garstemeel of lijnkoeken”. Dat soe hjoed de dei in toer wurde en it is my net rjocht dúdlik, hwerom men gjin hjouwerstrie fuorje mocht. Of siet Cats dêr mei efter? „Ieder lid is verplicht gesteld, om één op de tien koeien te laten kalven in nov. of december”. Dat wie omdat men fan kleare drege flutsjes fan âld melke kij gjin goede bûter meitsje koe.

Ek it folgjende artikel is noch to goed om wei: „Tot genezing van zieke

of zoogenaamde oopen en zeere speenen, mag geen ander middel worden gebruikt, dan versche ongezouten boter". Sa kinne wy trochgean en dan komt der noch by, dat alle bistjûrsleden it rjocht hiene, op alle tiden fan alle dagen in ynfal by de leden to dwaen, om dêr it melkers ark en de foerspine to kontrolearjen. Foar it fuorjen fan pulp b.g. moast men in forgunning ha, mar dat wie net by elke foriening gelyk. Yn Tsjom, stiene ek biten en bitekrûden op 'e swarte list. Men mocht it wol fuorje, mar dan krige men in heale sint koarting op 'e healkanne molke. Ierpels, rapen, woartels en ek mais, wiene forbean, dit lêste ûnder it motto:

„Mais is foar de bargaen,
By de kij dêr jowt it soargen".

Dit binne mar hwat ekstreme foarbylden, byinoar swile út forskate oantekeningen en regleminten, mar ik woe der dit mar mei sizze, dat Rein net gelyk hie en dat er him mei syn grime oer de kwaliteitsfoarskriften fan 1975, net biroppe moast op eardere tiden.



TWELLEGEA

Ek de boeren fan Toppenhuzen en Twellegea ûntkamen net oan de need-saek om in fabryk op to setten en dizze oprjochtingskommisje hat der in drokke simmer oan bilibbe. It misstiet ús net, om der de pet foar ôf to nimmen. Yn de moannen april, maeije, juny en july, kamen hja gemiddeld twa kear yn 'e wike byinoar en yn de trije moannen, as in boer it op de buorkerij it drokste plicht to hawwen, steane der 22 offisjele gearkomsten notulearre.

Op 22 mrt. 1902, wie de earste oprop en der wiene mar leafst 60 boeren op ta kommen. Der wurdt fuort by dy earste joun al praet, net allinne oer in suvelfabryk, mar ek oer in oaljeslaggerij. It hie faeks better west as dy sprekker him stilhâlden hie, mar dat is efterneipraet. Troch mefr. P. Hettinga-de Jong, waerd groun ôfstien yn erfpacht foar f 250,- yn 't jier foar it pounsmiet. Dêr soe it fabryk op boud wurde. Op sneon 19 april 1902, waerd by D. de Boer to Toppenhuzen de oprjochtingsakte passearre en setten 33 boeren harren namme.

As bistjûr wurdt keazen: D. Jongbloed, T. Jorritsma, B. v. d. Ley, D. Swierstra en W. H. Visser en as reserve: G. Atsma. De kommissarissen wiene: F. A. de Jong, W. G. Atsma en W. G. v. d. Ley. It fabryk soe de namme ha: „De Coöperatieve Stoomzuivelfabriek De Westerbrugsloot

te Uitwellingerga". As foarbylden waerden de fabriken bisjoen to Heech, Nijesyl, Warkum, Skearnegoutum en Easthim.

It fabryk dat it bistjûr op it each hie, moast de molke fortarre kinne fan 2000 kij, hwerby de bigreating fan de gebouwen kaem op f 68.476,62. Architekt wie W. de Jong fan Snits en de oannimmer B. de Vries fan Wolvegea. It bûtere net to goed tusken dy twa, mar hawar, se setten útein, hwant wy lêze al gau: „Er wordt besloten den eersten steen te leggen op Vrijdag 5 September 's avonds 6 uur door den voorzitter. Als fooi daaronder, wordt gelegd de som van f 70,-, zijnde ongeveer voor iedere werkman een gulden”.

Der giene dus sa'n 70 man oer it fabryk to set, en doe't se dochs oan 't bouwen wiene, setten se der tagelyk seis fabrykswenten by, foar f 6.539,- foar alle seis. As direkteur wie ynmiddels bineamd, út 44 sol-lisitanten, de hear E. Veeman út Ljouwert. Op moandei 9 maart 1903, kaem de jouns de earste molke oan it fabryk. Foar de offisjele iepening wiene noege: „de leden met hunne vrouwen of huishoudsters, alsmede de beide predikanten en het fanfarecorps”.

Elts fabryk hat de oantrún yn him, om elts jier mear molke to forarbeidzjen en dat is goed. Mar gjin bistjûr en noch minder in direkteur hat dat yn hannen. It binne ús boeren, dy't foar in great part de molkoanfier bipale. Direkteur R. Bouma mocht dan syn boeren noch wolris oanfiterje en ik wit noch dat er op in ledegearkomste ris sei: „Der is yn de tritiger jierren net ien boer felyt gien, dy't in protte molke levere”. En as dat nou de oanfier biynfloede hat, dêr twivelje ik oan, mar it gie wol omheech, alle jierren wer en sa kaem „De Goede Verwachting” dan ek fan seis- op twa hûndert fjirtich miljoen kilo molke. Net allinne dus, omdat it gebiet him útwreide. Hwant ek nei de lêste fusy yn 1971, gie de oanfier noch mei sprongen omheech en wol mei 10 miljoen kilo yn 't jier. Dat is de oanfier fan in hiel fabryk neffens âlde bigripen. It is dan ek gjin wûnder dat der folle petearen, yn de bistjûrskamer yn Warkum, wijd binne oan ynfestearringen, yn en by de fabryksgebouwen om de oanfierde molke to forarbeidzjen. Dy fan hjoed mar ek fan moarn en oare moarn.

As men sjocht hwat der de lêste jierren op de boerehiemen boud wurdt, dan moat men oannimme, dat de stiging trochgiet. Witte dogge wy it net. Wy hoege mar in tritich jier tobek to sjen om gewaer to wurden,

hoe't ús birekkeningen bytiden fale. It wie de oarloch, dy't ús doe raer to pakken hie mei de molkoanfier. Mar dat wie net de earste misrekken. Soms wie 't in droege simmer, dy't ús roet yn 't iten smiet (1955). Soms de tongblier (1897 b.g.) of de peetsykte yn 1843, doe't û.o. Simen Knol fan Nijegea H.O. syn great bislach fé ôfmeitsje moast, syn dongbult yn sé goaije en syn hea forbrânne moast. Dat is mar in foarbyld, mar it koste slompen molke.

Dan de oerstreamingen. Yn 1825 bygelyks doe't it séwetter fan de Lemmer ôf it noarden yn brûsde. It sette alles ûnder wetter: Kolderwâlde, Nijegea, Ealahuzen, it Heidenskip en minske en beest waerden hommels forballe. Myn oerbeppe soe krekt berne wurde op in pleats yn Kolderwâlde, mar sy kaem to wrâld yn Harich yn de tsjerke. En ynmiddels socht it wetter fierder syn wegen en meidat ek by Warkum de sédyk him bijoech, krige de flood wer nije oanfier en nije krêften. De wyn kromp ek noch nei it súdwesten en jage it wetter fierder it noarden yn. De boeren dreauwen harren kij yn 'e nacht byinoar nei de heechste sté-en en sa stiene b.g. de tsjerkhôven fan Ferwâlde, Gaest en Piaem, al ridlik gau fol kij en oar fé. De molke waerd weimolken, hwant wer moast it yn en hwer moast it hinne? Ik mien to witten dat it wetter oan Wûns ta de saek blank setten hat. „De Goede Verwachting” bistie doe noch net, mar oars hie dy in rare piip smookt mei har planning.

Hwant ek doe't alles wer droech lei, wie de molke der noch net wer. Ek de kommende jierren net, hwant it sâlte wetter hie it lân bidoarn. En tsientallen jierren letter, joegen de bûthúspompen noch brak wetter. Dit is histoarje en yn de âlde muorre fan „De drie botten” yn Parregea, kin men nou noch in ynmitsele stien sjen, dêr't op stiet, hoe heech as it wetter dêr stie yn 1825.

Ik neamde de ynfloeden op de molkproduksje yn 't forline en kin der noch by fortelle, de mûzepleach fan 1716 en 1847, doe't hjir oer tûzenen pounsmieten de seadde los en dea op de lannen lei. Oerflakkich bisjoen, barre al dizze dingen nea wer. Meiïnoar ha wy op elk mêd bi-feiligingen makke en mei great sukses. Mar hwa sil sizze, dat der net oare demonen de molkjeft bitwingje sille? Wurdt de boer ek ienris de nocht ûntnommen om to melken? Hoe komt it mei de priisforhâldingen? Hat Skraerd yn de 18e ieu net in sintrum west fan hea-eksport nei Hollân? Binne wy der sa wis fan, dat soks net wer barre kin? Komme der net oare ûnken oer ús, as dy fan misgewaechs en fésykten? Sjogge wy hjoed de dei net wer rare koppen oan 'e loft, yn de foarm fan marreplannen en lânskipsparken en wit ik hwat mear? Wy sille soks al yn 'e gaten hâlde moatte, en weitsje oer ús lân as suvellân. Dan kin miskien foar ús fabryk noch in bilied foar de takomst mooglik wêze.

Inne de Jong fan Nijemardum biskreau de minne tiid foar de boer sa:

**„De boer stiet efterhûs, in man op jierren,
net sparre fan it lot. De iene nei de oare
forwachting briek op 't hurde libben dea,
de tiden binne swier en brekkend gien
oer hwat de trou fan slachten opboud hie.**

**Hoefolle hawwe âffears groun forlern,
hoefolle bin yn earmoede ûndergien . . .
En him slacht wol de need om 't sterke hert
en dagen giet er swijend oer de pleats,
de holle bûgd en stom fortriet yn 't each . . . ”**

Mei 't oprjochtsjen fan it fabryk to Toppenhuzen-Twellegea, waerd hjir yn de Súdwesthoeke in tiidrek ôfsluten. Yn it gebiet dat nou „De Goede Verwachting” hjit, stiene 15 koöperative suvelfabriken en der soene net mear bykomme. Lâns natuerlike wei wiene se ûntstien, fan ûnderen op, troch lytse en greate boeren, krekt sa't dat hearde. Hja stiene der goed. Net allinne dat se skoan yn it lânskip pasten. Ek net allinne omdat se woltier joegen oan de doarpen, dêr't se stiene, mar foarearst omdat se oan it doel biantwurden, dêr't se foar oprjochte wiene. Sy hiene bisteansrjocht allegearre, al gie it harren dan ek net allegear foar de wyn. Né, inkelden hiene in toer om de fuotten ûnder it gat to krijen en guon sieten yn 't earst raer tsjin de tasizzingen en molkpriis fan de partikulieren oan to kokhalzjen. It barde dan ek wolris dat de boeren op de ein fan 't jier gjin potjild barden, mar dat se ynpleats bybitelje moasten.

De lieding fan dizze fabriken koe yn 't earst ek altyd gjin sprekken lije. De iene groep boeren trof it gâns better mei harren direkteur as de oare. Likegoed trof de iene direkteur it ek gâns better mei syn boeren as de oare. Jawis, by alle boppeslaggen, ek soargen by de rûs. Yn 1900 lês ik al fan in driigjende staking by de suvelarbeiders. Yn 1905 fan aksjes tsjin it spielwetter dat de poldersleatten forsmoarke en yn

1910 fan de bidriwsbilêsting, dat de lêste winst fan de koöperaesjes ôfreamje woe. Och né, hwat problemen oangiet is der hjoed de dei net safolle nijs ûnder de sinne.

15 fabriken dus, fan de 94 dy't op dat stuit yn Fryslân draaiden. Der rekke noch wolris ien by wei en der kamen guon by, hwant der moatte 114 suvelkoöperaesjes oprjochte wêze. Dizze fabriken wiene net great, mar dat wie ek de bidoeling net. Men woe de saek oersjen kinne en de ledeforgadering moast bislute kinne oer alle fraechstikken, dy't har foar diene. Dat wie doe goed en it Boun fan Koöperative Suvelfabriken bikerftige dat, doe't hja yn 1925 sei, dat in fabryk mei 30 leden en 2½ miljoen kg molke, alle rjocht fan bistean hie. Yn 1933 sei datselde Boun, dat in greatere oanfier, as it moast troch konsintraesje, technyske- en finansjele foardielen hie. It wurd „konsintraesje” klonk de boeren net bipaeld sympatyk yn de earen. Hja woene wol mear molke, mar dan, as 't koe, lâns in oare wei. En sa swalken de direkteuren en bistjûrsleden mar wer it fjild yn om mear boeren foar harren fabryk to winnen. Ik mei dêr noch graech forhalen oer hearre. Fral de âldere boeren ha der slach fan om dat smeûch wer to jaen.

Sa wie der ûnder Heech in koumelker, dy't noch al hwat efterôf wenne. In bytsje molke en in minne reed en sadwaende net ien dêr't se earst hinne stouden. Mar se woenen him wol ha, sa net, dat op it lêst twa man

der hinne. De koumelker wist dalik hwer't it om to rêdden wie, mar hy sei: „Nou sit it sa, de greате boeren oan 'e dyk ha jim earst west en dat sinnicht my net. Jim kinne myn molke al krije, mar dan moatte jim learjild bitelje. Jim moatte hjir earst seis kear in bisite ôflizze en dan de oare deis stiet myn molke foar jim oan 't paed. Wolle jim dat net, dan giet it oer”. Dat wie kleare tael, mar it gie troch. Twa bistjûrsleden ha seis kear de reis makke, mar doe hiene se dan ek miels wer 30 liter molke mear oan it fabryk.

In oar âld-bistjûrslid fortelde my ek ien fan syn suksessen. Hy hie dat wol koarter fortelle kinnen, mar net moaijer. „Ik kaem by in boer en ik sei, dat wy stomme graech syn molke oan ús fabryk ha woene. Hy sei: As't net makkest datst hjir fan 't hiem ôfkomste, dan brek ik dy de bonken. Ik goai myn molke earder yn de opfeart, as dat it nei de koöperaesje giet. Mar nou komt it. Dy boer hie acht keallen op 'e pôle rinnen sa sei er, mar doe't dat kij wiene, hiene wy de molke. Hy woe dus mar sizze, jo moatte net op in pear jier tiid sjen mei dy dingen. Ja, geduld en tawijing, dat moast der by, woe men in goed bistjûrslid wêze.

Yn de tritiger jierren hie Fryslân noch 85 koöperaesjes, mar der wiene mar 8 by dy't mear as 6 miljoen kg molke hiene. Kimswert en Lollum wiene doe al sluten. Yn 1956, it jier dat Surch fan de kaert rekke, wiene der noch 73 fabriken, hwerfan 67 mei in oanfier boppe de 6 miljoen.

Wy sjogge dus al sa'n bytsje hokfoar kant as it útgiet. Binammen nei 1945 geane de leankosten en lêsten sa hurd omheech, dat der op alle fabryksforgaderingen praet wurdt oer mechanisearjen en automatisearjen, om mar mear dwaen to kinnen mei deselde minsken.

Mar faek kearde de wâl it skip. Sokke ynfestearringen giene greате bi-dragen mei mank en dat koe allinne as der genôch molke efter stie. Sa'n djûre ynstallaesje koe net in part fan de dei stilstean. Der waerd al praet dat in fabryk 25 miljoen kg molke ha moast en it duorrre net lang doe waerd 45 miljoen as it meast idéale sjoen. It wie dus hielendal net sa frjemd dat it bistjûr fan Surch yn 1955 nei Skraerd teach om in healsliten molkwein foar it fabryk to bitingjen foar f 650,- en doe in fearnsjier letter hommels oanhâld socht by Wytmarsum. It wurd „fusy” komt net foar yn de boeken fan Surch. It klonk mannich boer as in fiis wurd yn de earen, mar dat soe wenne moatte. It kaem tichter by en nei inkelde jierren kaem dit wurd foar yn alle fabryksnotulen yn de Súdwesthoeke.

„DE HIM” NIMT IN DREGE BISLISSING

It wie yn 1962 doe't „De Goede Verwachting” foar it earst yn in fusy bihelle waard. De foriening „De Him” siet yn swierrichheden. Hja hie-ne alris praten mei harren susterforieningen om Snits hinne, om dêr dan in nij fabryk to stiftsjen, mar dat wie ek op neat útroun. En dochs liet it party boeren net los, dat sy as fabriken meiïnoar mear birikke koe-ne as allinne. It wie krekt as goed 60 jier forlyn. Doe stapten de boeren byelkoar en nou soene, om deselde reden, de fabriken byelkoar stappe moatte.

Wie der yn 1901 moed nedich en hertsear to oerwinnen, nou net minder. It leit foar de hân, dat it gefoel hjir wol deeglik in wurdtsje yn mei spriek. It like der op, dat in pear âld-Easthimmers it forlies fan harren fabryk net to boppe komme soene. „It soe in minskegriis wêze”, seine hja, mar der wiene ek dy't der oars oer tochten. „Er zou niets mee verloren zijn”, sei in oar lid, hwaens tael forriede dat hy gjin Easthimmer wie. It wiene binammen de jonge boeren, dy't de trochslach joegen. Hja wiene der fan oertsjûge dat der konsintrearre wurde moast. „En as it bistjûr dêr net ernstich wurk fan makket, dan gean ik by it fabryk wei,” sa sei in jonge boer, dy't it swurk driuwen seach. Dy boer krige oanhing, en omdat „de Him” by wize fan sprekken gjin liter molke misse

koe, waard it foar it bistjûr in hangizer, om de kop der foar to hâlden. Op 8 nov. 1962 sieten hja dan ek yn it Koöperaesjesintrum, mei it bistjûr fan Warkum om ien tafel. It leit foar de hân dat beide direkteuren der by wiene en fierder ek noch trije mannen fan it Suvelboun, de hearen Stallinga, v. d. Ploeg en Teijema.

Yn prinsipe waard der dy moarns in oerienkomst sluten. Fjouwer dagen letter waard in folsleine fusy mei Warkum oannommen troch de gearkomste to Easthim en to Warkum. Der stimde net ien fan de leden tsjin. Yn 14 dagen tiid wie alles bislikke, „wat misschien een record betekent in de nederlandse zuivelgeschiedenis” skreau it „Bolwerk”.

Warkum wie op de groei birekkene, hwant de nije tsiismakkerij, dêr't men yn maart mei bigoun to bouwen, wie sa goed as klear. Op 12 maeije 1963 waard de foriening „De Him” opdoekt, 62 jier nei de oprjochting. Dit lêste bistjûr fan „de Him” hoegde him net to skamjen. Sy hiene hannele yn de geast fan de oprjochters. Yn febr. 1964 waard it fabryk forkocht. „It is al hwat” sei ien fan de leden letter, „âlde auto's yn it pikellokael en boatsjes yn de bûtermakkerij”. „Dêr ha jo gelyk oan antwurdde foarsitter Jolle v. d. Wal. „De skiednis herhellet him. 60 jier forlyn sei men op ditselde sté: It is al hwat, winterjirpels yn de molkenkelder en de tilbury op it tsjernaed”.

„IT GRIENE RAPPORT”

Ynmiddels wie it Suvelboun útkaem mei in plan foar de takomstige suvelforwurking yn de Súdwesthoeke. Dat gie net fan harren sels út. Hja woene net dirigearje, mar wol foarljochtsje, helpe en bigeliede as der forlet fan wie. Om dit plan wie dan ek frege en op 2 maeije 1963 waard dat tasein. It kaem út yn in grien omslach en krige bikendheit ûnder de namme „It griene rapport”. Yn dit rapport wie útgien fan in gearwurking tusken de fabriken Balk, Heech, Himmelum, Koudum, St. Nikelsgea, Twellegea, Warns, Warkum-Easthim en Wâldsein. Om dizze 10 fabriken gie it dus even en der waerden 4 mooglikheden foar oanjown.

- a. de bisteande fabriken geande hâlde;
- b. de fabriken allegear oanhâlde en dêr neist in poeijertoer stiftsje;
- c. bipaelde fabriken slute en oaren bistan litte mei in bistindige bi-setting en dan de topmolke forpoeijerje;
- d. in optimale opset foar it gehele gebiet.

It leit foar de hân dat de gearstallers fan dit rapport, de radikale gunstichste opset fan punt d. as de bêste oplossing oanmurken. Neffens dit plan soene lykwols alle fabriken sluten wurde moatte op Warkum en Balk nei.

It wie wol yngripend fansels en doe't dit rapport yn febr. 1964 yn de

bistjûren kaem foun it dan ek net folle genede. Yn maart kamen de bistreffende bistjûren mei direkteuren wer byinoar yn Ljouwert en hja moasten der as útslútsel jaen, dat net ien fan de fabriken folle fiede foar dizze opset. Ek Warkum en Balk net. Sadwaende gie it rapport it laed yn en ek noch al djip, hwant oars koe it ek noch, de natuerlike konsintraasje, sa't dy nou krekt op gong wie, yn 't paed stean.

Hie it rapport dan skea dien oan de ûntjowing yn de Súdwesthoeke? Ik leau fan krekt oarsom. Wy hiene hjir nou in goed rapport ûnder eagen hawn, mei birekkeningen dêr't de foardielen út nei foaren kamen, mar ek mei de neidielen, dêr't gjin birekkening foar mooglik wie. It wie in opset dat foar de takomst yn elts gefal in bettere molkpriis garandearre en dêr hiene wy allegear wol hwat gefoel foar. It duorre dan ek net sa lang, of nije fusyplannen bigounen hurd oan to rypjen.

LANGST NEI BIHALD

„It moat allegear wol wiermakke wurde”, wie ien fan de fêste útspraken fan direkteur Beetstra, as it gie oer: Hoe greater it fabryk, hoe better de útkomsten. Mar it gie der wol om troch en yn de ledegearkomste to Warns, op 16 april 1964, warskôge direkteur Kooistra de leden mei to sizzen, dat dy net ûnbistraft ynfestearje koene, sa’t in great fabryk dat mei foardiel die. Trije wike earder hiene de leden ek byinoar west en doe wie der mei gjin wurd praet oer konsintraesje en op 1 maeije 1964 waard de fusy oannommen mei „De Goede Verwachting”. It bistjûr hie dit fansels langer yn birie hawn, mar foar de leden giet it dan al hurd, ha ’k wolris tocht. Der wiene dan ek boeren dy’t it noch net rjocht fortarre koene en in útspraak as: „Dit docht ús doarp de deastek” is dêr dan ek in biwiis fan.

It publyk kaem dizze gearwurking net oer ’t mat. In konsintraesje yn dizze rjochting hie elk forwachte. Ek Koudum en Himmelum hiene kontakt hawn mei Warkum, mar dy joech gjin garânsje foar it bihâld, fan hokfoar fabryk dan ek. Sadwaende sochten sy wer har eigen wegen. It wie ek in drege negoasje. Hja moasten in kar dwaen út twa minnen: it fabryk ticht, of sitten bliuwe mei in to lyts fabryk. Men seach it nou dochs al langer hoe dúdliker oer de hiele provinsje, dat it hjir en dêr

speak bigoun to rinnen. Hoe’t men de opkomst fan it tankmelken út ’e wei roun, hoe’t men to min útbitelle of to min ôfskreau, hoe’t men de boelguodden ôfreizge om de ynfentaris op peil to hâlden en mear fan dy dingen, dy’t der op wiisden dat it roer om moast. Allinne as de kniper op ’e skine komt, dan sjocht mannichien dochs wer syn eigen protter foar in lyster oan.

DE HIKKE FAN 'E DAEM

Yntiid wiene twa leden fan Easthim yn it bistjûr kommen fan „De Goede Verwachting”. Dizze twa hearen koene de minsken en winsken yn Easthim en dêrby wisten hja, hwat it sizze woe, om as lytse foriening yn in greате op to gean. Dat wie oanwinst. Ek de Frico, dêr't „de Him” dielgenoat fan wie, joech har meiwurking. It bisleat n.l. om gjin úttre jild to heffen fan Easthim, omdat it dizze ûntjowing nei greater ienheden net yn 't paed stean woe. Foar it persoaniel fan heech ta leech, waerden regelingen troffen, sadat der gjin ien tusken wâl en skip bilânne. Der waerd net ien dien jown en hja hoegden ek net yn lean efterút. Ek dat hoegde dus gjin rem to wêzen op in fierdere ûntjowing. It gie dan ek troch.

Op 14 sept. 1964 giene Heech en Wâldsein de greате stap oan mei „De Goede Verwachting”. Yn Twellegea waerd it ôfstimd, mar letter, yn febr. 1965 dochs noch oannommen. Yn maeije 1965 likwidearren hja alle trije. Ek dizze forieningen krigen gjin inkelde garânsje foar fabryk of molk-priis. Ik wit it noch, dat de twade foarsitter fan Heech frege: „As wy mei Warkum fusearje, hwat soene wy dan mear foar de molke krije?” „Rekkenje mar op neat” wie 't antwurd fan direkteur Beetstra, „dan kin it ek net ôffalle”.

Ek op de ledegearkomsten yn Warkum, kamen de moaiste broadtsjes net foar 't finster en dúdlik waerd dêr sein, dat wy, as de fusy mei dizze trije fabriken trochgie, mei ús 550 boeren opgean soene yn de 825. Dat wy dus in greате foriening krije soene, hweryn it eigene foar in part forlern gie en ús persoanlike stim stadichoan lytser wurde soe. Wy hie-ne nou 75 miljoen kilogram molke. Dat koe yn Warkum en Heech for-arbeide wurde, sûnder direkte ynfestearring. „It moat ek net greater”, sa wie it praet oan de molktafel.

OP NEI DE 100 MILJOEN

It wie in drokke tiid yn de suvel. Allinne yn de moanne jannewaris fan it jier 1965 hie it bistjûr fan „De Goede Verwachting” al 14 gearkomsten, en de ein wie noch net to sjen. Nei elke fusy praette de direkteur en it bistjûr oer konsolidearje en „pas op de plaats” mar it skynde net to meijen.

De tiid stie net stil en swypke hieltyd op 'en nij de saek wer op. Op de pleats likegoed as op it fabryk. Mear molke mei deselde minsken en der like gjin ein yn sicht. As men der nocht oan hie of net, it waerd ús optwongen troch de soasjale en ekonomyske ûntjowing. Ek „De Goede Verwachting” wie noch net, dêr't er bidarje soe. It wie n.l. sá, dat Wytmarsum ek fan him hearre litten hie. Dat wie wer hwat in oare hoeke en ek al omdat it allegear sa hurd gie, wie dat even lizzen bleaun.

Op 20 sept. 1965 lykwols waerd de fusy offisjeel troch de leden fan Warkum en Wytmarsum oangien. Dit joech mei de trochslach, dat der op de ledegearkomste fan 8 des. 1965 bisletten waerd om yn Warkum in poeijertoer to bouwen. Ek organisatoarysk wie der hiel hwat bard. It bistjûr wie al útgroeid ta 12 man en yn maart 1964 wie der in „Rie fan Tasicht” oprjochte fan 13 man, foar kontakt en boekenkontrôle. Dizze twa kolleezjes soene harren lykwols noch útwreidzje, hwant yn it suden

kaem wer biweging. Op 16 maeije 1965 hiene Himmelum en Koudum togearre in fusy oangien. Sy hiene dêr har reden foar, alhoewol de bûtenwacht dit dúdlik as in tuskenoplossing seach. Ek foar dizze foriening soe „De Goede Verwachting” it foarlân wêze, mar it wie net altyd leafde op it earste gesicht en sa sjogge wy dan ek dat hja yn 1968 los kontakt ha mei Balk en St. Nyk, om yn de hjerst fan datselde jier in folsleine fusy oan to gean mei „De Goede Verwachting”.

It wurdt nou foargoed mienens yn de Súdwesthoeke. De fémerkskriuwer wol it noch net rjocht oan en sitearret út de „Zwei Königskinder” dat se net byelkoar komme kinne, omdat it wetter sa djip wie. Nou is 't wol wier, dat de Fluezen en de Moarre op plakken aerdich wetter ha, mar der kaem krekt in nije brêge oer de Galamadammen en sadwaende wie dat, as men it letterlik opnaem, it biswier net. Op 24 maart 1969 kaem ek Balk mei syn 25 miljoen kg molke yn dizze kombinaesje.

It wie nou krekt 5 jier neidat „It griene rapport” útkommen wie. Nimmen leude yn dit plan, mar nou wie it al omtrint útfierd. Ungemurken hast, mar dochs wol hurd. Hurder as dat mannichien fan in natuerlike bislútfoarming fan in koöperaasje forwachte hie.

IN SWIERE REIS

Der wie wolris sein dat in kombinaesje fan Warkum mei de hege klaei net to klearjen wie. Ik ha der persoanlik ek wolris oer yn sitten en as de dei fan juster, kin ik de earste reis nei it noarden foar my krije. It wie op 19 jannewaris 1971. Wy soene in fusypetear ha mei Tsjom yn „Hotel Central” to Harns en wy rieden by de sédyk lâns. Us direkteur en de foarsitter sieten foaryn en praetten oer molkforfier en ynfestearringen. Ik siet allinne efteryn en harren praet gie foar it greatste part by my lâns. Dat kaem net allinne, omdat ik it sûr ha fan sifers. Ik siet mei hwat oars om to pakken. Ik leaude n.l. net rjocht oan it tinkbyld fan b.g. Gaesterlân en Tsjom yn ien foriening. It lei my to fier útinoar, net geografysk of technysk, mar psychologysk. Dêr siet ik dus mei om to tyskjen tusken Surch en Harns en ik tocht dat dit probleem aenst, as wy meiïnoar om de tafel kamen, it brekpunt wurde soe. Noch nea hie ik yn Gaesterlân folle goeds heard oer de klaei en oarsom ? Klaeikluten en houteksters . . .

Der kaem my in gedicht yn 't sin, ek fan in Klaeiker. Hoe wie 't ek wer?

By 't earme folk fan Gaesterlân,
„O, 't wie sa goed, werom to kommen

Hwer't bygelove en ûnforstân
Sa'n ûntúch siedzje mank de blommen.”

Soene se hjir ûnder Harns forlet ha fan ûnkrûd? Wy moatte even ôfremje foar in stikmannich skiep dy't oerstekke. De foarsitter sjocht op syn horloazje. Dêr ha wy lofts de „Stiennen man” al. Hwa is dat ek al wer, sa tink ik, en hwat hat er útheve? Stadich komt de skiednis by my boppe. It moat yn fyftjin-hûndert en safolle west ha, doe't dizze Caspar di Robles op it Warkumer Nijlân 27 man ophongen hat. It wiene wol gjin Warkumers, mar sy hongen dêr dan dochs mar. Né, it sil 'm wol net wurde fan 'e moarn. Dit komt der net troch. In bistjûrslid makket mear mei, as dat de wrâld erch yn hat.

TOLVE YN IEN

De reorganisaesje, dy't op folle toeren draaide, forroun goed yn dizze hoeke. Tó goed miskien om oan de krityk fan bûtensteanders to ûntkommen. Wy soene b.g. ôfsidich stean tsjinoer de organisearre ôfset, alhoewol 't wy dêr sels mei oan 'e gong wiene op biheinde skael. Ek de greate tsiismakkerij moast it altomets ûntjilde. It wurd stopferve waard noch alris brûkt, ek neidat it biwiis levere wie, dat de kwaliteit fan de tsiis der binammen net op efterút gien wie.

Troch de mechanisaesje, soene wy ek to min soarten meitsje. Tafallich krigen we doe generael De Gaulle op 'e hân, dy't yn ien fan syn taspraken sei: „Hoe kin in folk ienriedich wêze, as it inkelde hûnderten tsiisoarten hat”. Dan mar leaver ienriedich fierder, mei hwat lytser assortemint. It bistjûr seach it him dan ek net oan en de direkteur boude kalm troch op syn earste opdracht fan de leden: in sa goed mooglike priis meitsje, foar de molke dy't de boeren oan de dyk setten.

En der kaem hiel hwat molke oan 'e dyk, oer ál mar greater ôfstannen en it die bliken, dat in lange reis de molke gjin kwea die. Ek de forfierskosten foelen net ôf. Doe't b.g. de Wytmarsummer molke nei Warkum gie, koste dat net mear, as doe't it noch yn Wytmarsum bleau. Doe't yn okt. 1970 de earste tankmolke oanfierd waard, en der nije autowegen

troch ús gebiet kamen, doe like it as soene ôfstannen yn de takomst gjin rol mear ha. Mooglik spile dat yn „De Eensgezindheid” to Tsjom mei, doe't ek dêr kontakt ûntstie mei „De Goede Verwachting”. Op 3 maart 1971, waard dizze fusy oannommen.

„It giet wol hurd”, sa sei ien fan de oanwêzigen. „Men giet sa to sizzen yn „Eensgezindheid” op bêd en wurdt yn „Goede Verwachting” wakker”. Né, sy makken der dêrre gjin drama fan. Der waard sels yn it bistjûr bisluten, om de lêste ledegearkomste mei muzyk op to fleurjen. Ek Achlum, dy't yn 1898 de Frico mei oprjochte, seach nou mar ien útwei mear, en fusearre op 11 maart mei deselde kombinaesje.

Alve forieningen wiene nou opgien yn „De Goede Verwachting”. Achlum, as âldst fabryk yn dizze west-Súdwesthoeke, hie noch krekt it langste de kop der foarhâlden. Op 28 april 1889 wie de earste stien fan it fabryk lein, „met het doel, de inkomsten rijker te doen vloeien”. Op 16 des. 1971, waard de fabryksdoar sletten, mei datselde doel.

„LYTSE” EN „GREATE” FABRIKEN

As wy it ha oer lytse en greate fabriken, dan doele wy op it oantal liters molke, dat troch in bipaeld fabryk oanfierd wurdt. It is faeks wol nijs-gjirrich om to witten hoe't dy oanfier der foarstie by neamde fabriken. Dat seit neat oangeande de posysje fan sa'n fabryk, hwant in lyts fabryk koe soms wol better buorkje as in great. De sifers fan 1962:

Easthim	9.388.978 kg
Warns	8.564.754 kg
Twellegea	5.508.165 kg
Heech	11.268.428 kg
Wâldsein	8.689.893 kg
Wytmarsum	16.038.517 kg
Himmelum	13.485.947 kg
Koudum	9.347.143 kg
Balk	21.684.526 kg
Tsjom	11.596.100 kg
Achlum	11.256.191 kg
Warkum	33.874.169 kg
Totael	160.702.811 kg

„Melck ende 't gheene daer van gemaect wert, is bij ons in overvloed” zodat: „den Hertog Alva, als hij 't eerst in 't land quam, dreygde, dat hij de Nederlanders in haar melck en boter soude verdrencken”.

Dy tekst, dy't slacht op de tastân fan 400 jier forlyn, moast ik even oan tinke, doe't ik dy 160 miljoen kg molke notearde, fan dit lytse partsje fan Nederlân. Mar de minsken fan „De Goede Verwachting” soene net fordrinke yn dizze molke. It soe forarbeide wurde op de foardielichste wize. Dat wie de bidoeling fan de konsintraesje en de opdracht fan de leden. Dêr moast net Warkum oer to set, omdat der tafallich it grutste fabryk stie, omdat dêr tafallich de haeddirekteur wenne en it haedkantoar stie, né, dêr moasten wy meiïnoar oer to set, as leden fan „De Goede Verwachting”.

De ûnderlinge grinzen wiene weifallen. It bistjûr fan Warkum, wiene gjin Warkumers mear, mar sy kamen krektlike goed út Easthim en út Warns, út Toppenhuzen en Heech, út Wâldsein en Wytmarsum, út Himmelum en Koudum, út Balk en út Tsjom en Achlum. Dát wie tonei „De Goede Verwachting” en dêr kaem eltse bislissing wei dy't nommen wurde soe.

Yn Easthim wie dalik de produksje stillein yn 1962. To Warns yn 1964,

Wâldsein, Twellegea en Wytmarsum yn 1965. Koudum en Himmelum yn 1969. Achlum yn 1971 en Tsjom yn 1974. De ynfestearringen wiene navenant, hwant al dy molke koe nou yn Warkum, Heech en Balk forarbeide wurde. It wie mear wurden as dy 160 miljoen kg. Omdat by eltse fusy, alle boeren frij wiene om in nije kar to dwaen, wie der wolris ien fuort roun, mar dêr kaem op in oar plak wol wer ien foar yn 't plak. De konsintraesje hie dan ek gjin skea dien oan it oantal leden en noch minder oan de kilo's molke.

Om folslein to wêzen, moatte wy ek noch neame, de gong fan saken by de partikuliere suvel binnen ús grinzen. Hja hiene yn dit forhael ek 6 fabriken sluten en ek dát liet syn spoaren efter by „De Goede Verwachting”. Wy stiene nou noed foar hast 240 miljoen kg.

Ien fan ús greate adfiseurs by it oprjochtsjen fan „De Goede Verwachting” wie Van Welderen baron Rengers. Hy hat ûnder oaren sein: „Hy kin it bêste de koöperaasje liede, dy't der mei great brocht is en dat is de boer”. Miskien jildt dat noch. Miskien moat in amtner him net deljaen, op it plak dêr't altyd in boer siet. Sa kin it goed wêze, dat wy de tael fan ús foarfaers forsteane.

Hjoed de dei moatte wy ek de computertael forstean. Dy is minder romantysk. De tael dy't der tusken yn leit, is ús tael. De tael fan ús ledegearkomsten, ús byienkomsten fan de Rie fan Tasicht, ús rayonforgaderingen, de ekskursjes, de meidielingen yn 't molkpûdtsje, it jierforslach en de petearen om de molktafel. Dat is it kontaktmiddel tusken ús as minsken, as boeren en as leden fan ús suvelfabryk.

Dat kontakt is der lokkich noch, al is it oars as yn in lytse foriening. It ledetal hat tsjin de 1900 sitten, mar it is de lêste jierren útinnne oant rom 1200. It gie by de boeren krektlyk as by de fabriken. It moast yn't great. Dêrom rekken der yn ús gebiet 9 fabriken út en mear as 700 buorkerijen. Dy buorkerijen steane der meast noch wol, mar sy wurde brûkt as in goatling foar in papierbak. Sa is 't mei de fabriken ek. Sy steane der noch, as monuminten oan de Welle, oan de Djipsleat, oan it Far

en by de Hearinga Syl en rounom dêr't ús paken se delsetten. Sy hiene nou harren tiid hawn, mar wy ha net oars dien as ús beppen, dy't de rjemskûtel net earder fuort diene, as dat der in sintrifúzje wie.

Sa giet de ûntjowing troch en de iene bout fierder op hwat de oare efter liet. „Wy wolle net ôfbrekke” sa sei de foarsitter fan Wâldsein yn 1964, „mar fierder útbouwe”. Dat sille ek de minsken wer sizze, dy't nei ús komme, hwant it tiidrek fan dizze 75 jier hat gjin finish. Miskien sjogge wy dan ek, hoe bitreklik as de grinzen binne fan ús gebiet, dêr't dit forhael him tusken ôfspilet. Op de Himdyk rydt in molktank. Hy rydt troch it hiele gea dat „De Goede Verwachting” bislacht.

Op de pleatsen steane de ûleboerden en wy forsteane de tael dêr yn, de tael fan de âlde Germanen. De swannen as frijheit en ûnôfhinklikens, it sinnerêd as tiidwizer en de Germaenske runen as paedwizers. Op de lizboksestallen steane gjin ûleboerden. Wy hoopje lykwols al, dat de takomstige leden fan „De Goede Verwachting”, like goed sels baes bliuwe, witte hoe let as 't is en harren eigen rjochting bipale, troch waer en wyn. Kreas fordielt oer ús gebiet, steane ús monuminten. By Harns de „Stienenen man”, by Folsgeare de Hoanne en by Warns de grauwe balstien. Elk forteit op syn wize de morael fan de koöperaasje.

